

Motie vreemd aan de orde van de dag

(artikel 71 Reglement van Orde gemeenteraad Heerenveen)

Ônderwerp: Termyn wêryn at de "Behearsferoardening Keamerferhier" oanpast wêze moat, dy't de Ried yn de 'Moasje Frjemd, Oanpassing Behearsferoardening Keamerferhier' op 19-12-2022, unaniem oannaam hat.

In de openbare vergadering van : 26 januari 2023

Het volgende raadslid dient / De volgende raadsleden dienen deze motie vreemd aan de orde van de dag in:

[Alette kleefstra, FNP]



Konstatearret dit probleem:

- Dat it tal oanfragen 'fergunnings foar keamerferhier' yn'e Gemeente Hearrenfean skrikbarend tanaam is
- De Gemeente no hast gjin grûnen hat om 'fergunnings foar keamerferhier' te wegerjen.
- Keamerferhier in soad oerlêst feroarsaket foar omwenjenden.

Sjocht as oplossing:

- Dat de 'Behearsferoardening Keamerferhier' uterlik foar it simmerreses yn 2023 (as mooglik noch earder) oanpast wurd, sa as it yn de 'Moasje Frjemd 19-12-2022' Unaniem oannaam is.
- Dat de 'Behearsferoardening Keamerferhier' mei foarrang en mei heechste prioriteit oanpast wurd.

Wy stellen de rie foar om it folgjende beslút te nimmen:

Draacht it kolleezje op:

- Om noch foar it simmerreses 2023, in oanpaste "Behearsferoardening Keamerferhier" oan'e Ried foar te lizzen.

Dit amindement is: unaniem Oannommen

Hântekening griffier: